

# Ien nacht is genôch

KLAAS JANSMA

Willem Tjerkstra, *Snijpunten*. Kristlik Fryske  
FolksBibleteek, Aldehaske 2002. 202 siden . € 14.

Fan 'e losse einen eigen skiednis yn myn ûnthâld skeat my de titel fan it Tryaterstik *In nacht wie genôch* yn 't sin. Sa hie de nijste novelle fan Willem Tjerkstra hjitte kind, mar de titel is minder poëtysk: *Snijpunten*. En as om dat prozayske te ûnderstreekjen hat grafysk ûntwerper E. Vis út Ie it ferhaal op it omslach symbolisearre yn twa spoarbanen mei, jonge wat treffend, in wiksel sintraal, op in ûndergrûn fan grint. It hie wol wat sfearfoller kind.

Hidde Keimpema en Ralf Lanting binne byelkoar lein op ien keamer fan it sikehûs, de earste mei slimme hertklachten, de twadde fanwegen de longen. Sa't dat faker giet yn boeken ferliedt dat eksistinsjele momint beide manlju ta it dielen fan fertroulikheden, dêr't se de nacht mei trochkomme.

Bot orizjineel is sa'n setting net, mar Tjerkstra hat der wurk fan makke om yn 'e struktuer de lêzer hieltyd fan it iene spoar nei it oare te lieden. Syn foarnaamste middel dêrby is de gronology. Hidde Keimpema fertelt gronologysk, dat wol sizze fan iere oantinkens yn 1950 nei 1999. Ralf Lanting begjint yn 2000 en tinkt werom oant 1954. Tuskentoch steane de dialogen yn dy iene nacht fol petear en ferhaal, fan seis oere jûns oant kertier oer seizen moarns.

Dat boartsjen mei de gronology is net samar in Tessa de Looefrich keunstgreepke om in boek mysterieuzer of nijsgjirriger te meitsjen. De kreaze, oersichtlike gronology past by de wat filosofyske ynslach fan skippersbern Hidde Keimpema, dy't learaar west hat. Ralf Lanting wie yn it aktive libben sakeman, en foar sokken telt it 'hjr en no' - al kinne se har fan it eigen ferline noait losmeitsje, mar dat moatte hja mei biten en brokken bemasterje.

It duorret wol even ear't de ûnskuldige lêzer troch hat hoe't it mei dy tiden ynelkoar sit. De ynhâldsopjefte mei kreas oardere yndieling hie better foaryn as efteryn stean kinnen. No poft men samar sûnder tariesen yn in dramatysk momint fan Hidde syn bernejierren, noch foar't se tegearre yn it sikehûs lizze. Wol moai beskreaun oars, dat fertriet fan in skippersbern dat by heit en mem wei moast om't er oars net oan 'e wâl nei skoalle ta koe. It sit der fuort by dat begjin al yn dat Hidde syn libben lang wat in outsider bliuwe soe tusken wâlmynken - sa't gâns skippersbern dat west ha en bleaun binne. It hat syn striid west om dêr oerhinne te kommen.

Stadichoan wurdt it de lêzer dúdlik dat Ralf syn persoanlike ûntjouwing suver hast in spiegelbyld fan de wrakseling fan Hidde west hat. Hy moast him krekt loswrotte fan in bytiden benearjend

braaf fermidden, dêr't de oarloch noch in swier skaad oerhinne lei. Dat no krekt sosjaal marzjinaal skipkefolk dêr in wichtige rol yn spile, is wol bysûnder.

Tusken dy episoaden fan 'e beide haadpersoanen troch wurdt yn it nachtluk petear de djippere betsjutting fan dy libbensreizen filosofysk ferkend. Friedrich Nietzsche wurdt dêr geregeld yn behelle, want it giet by einsluten om 'e djipste fragen fan bestean en leauwen.

Wylst de skriuwer moai ferheljend, sfearfol, de retrospeksjes fan Hidde en Ralf stal jout, dûnset er yn dy tuskenstikken gefaarlik op it swyppkjende tou fan útlizzerij, wat út en troch ta skoalmasterich ûnderrjocht driget te ferwurden. Mar ja, Hidde wie ek learaar fansels, en as in goed ûnderwizer hat er in taastber symboal fan 'de filosofy' by de hân: it Romeinske ôfgodsbyldsje Keimpe, dat in moai skoft syn grutste kammeraat west hat.

Kristus en Dionysos, it lot fan 'e joaden en de striid fan outcast, Rousseau en Martinus Nijhoff - it skippersbern Hidde hat syn skoaltiid grif goed brûkt en hannelsman Ralf sil tajaan moatte dat it yn it libben om mear giet as jild en winst. En as er dat al net begrepen hie, dan wurdt it him yn in brief fan Hidde oan 'e ein noch wolris yndruid. Dat er fan 'e petearen leard hat, blykt út syn neiwurd. "Do en ik tegearre yn de bergen. De stien dûnset oer it wetter, sakket fuort, komt noch ien kear boppe, in glânzjend ôfskie. En yn de ieuwen dy't folgie, sleept de rivier him meter foar meter mei nei de see, oant er opnommen is yn de ivichheid."

Oan dy rigel is al te sjen dat Tjerkstra meinimmend skriuwe kin. Hy kin jin ek meislepe yn emoasjes, as er alle ballêst oerboard smyt en rjochtút en yn tempo it ferhaal fan Hidde en Ralf docht. Dêr stekke de gauris belearende dialogen yn 'e tuskenstikken wat skraal by ôf, hoewol't dêr wol moedich de platte realiteit yn 'e alderbreedste kontekst fan grutte libbensfragen set wurdt. It freget fan de lêzer wat ynlibbingsfermogen om dat goed te krijen, mar men moat tajaan dat de sitewaasje, twa minsken op 'e râne fan 'e dea, dêr miskien wol om freget.

En wer hat Willem Tjerkstra him der net maklik fan ôfmakke. Nee, by alle wurdearing soe de grutste krytyk op dit nijsgjirrige boek wêze kinne dat er de sucht nei djigong net bedimje kind hat. Mar dêr hawwe wol mear lêst fan dy't op in platboaiem tusken de kromhouten opgroeid binne.